

De grutte tsjerke fan Minnertsgea

De tsjerke en toer, as gebou fûn ik yn myn jonge bernejierren net bysûnder. Wol wit ik noch, dat toer en tsjerke net brûkt waard troch de Herfoarme gemeente der't myn âlders hinne gongen. Wy tsjerken yn it ferieningsgebou oan de oare kant fan de Haedstrjitte. Moarns om njoggen oere en om kertier foar of helwei alven noch in kear. Oars wienen der te folle minsken.

Doe't tsjerke en toer wer op'en nij opboud wienen en de tsjerketsjinsten dêr wer hâlden waarden, wit ik noch dat je der sitplakken hiere moasten. Us hiele famylje siet in rij of seis fan de stuollen ôf, oan de noardkant. In broer fan myn heit, omke Plet en muoike Tryntsje, sieten yn deselde bank. Wy, as bern, moasten sneins ien kear nei tsjerke. Wa't moarns net gong, moast middeis mei mem. Mem tsjerke twa kear, ús heit net.

Klokliede, in apart ferskynsel foar bern. It tsjokke tou oan de klok hong yn de toer. Koster Pieter Miedema moast op tiid oan it tou lûke om it lieden yn te setten. As bern, mochten wy soms ek wolris oan it tou lûke. Mar dat foel net mei. It wie swier wurk. Mar je gongen ek in hiel ein mei it tou yn de hichte en dan wer nei ûnderen.

Foar mysels, wie it krystfeest it moaiste dat er wie yn tsjerke. In grutte echte beam foar yn 'e tsjerke mei echte kearzen. Mei-inoar sjonge, krystferhaal en in kopke sûkelarjemolke en in koekje derby. In feest wie it. Neitiid krigen wy as bern in boek fan de skoalle en in boek fan de sneinsskoalle, as je der sneins hinne gongen, oars net. En it moaiste wie in lekkere grutte sinesapel. Krigen wy yn dy tiid sawat noait.

Doe't ik wat âlder waard, gong myn grutte belangstelling foaral út nei it Hillich Nachtmiel. Yn dy tiid mochten der gjin bern mei oan tafel en ek gjin âlderen, dy't gjin belidenis dien hienen. As it de snein wie, dat er Nachtmiel fierd waard, gong ik mei mem nei tsjerke. Ik mocht dan op de kreaake sitte, by it oargel. Mar it wie in hiele lange sit. Dan wie der ek noch in preek. Dernei fiif tafels mei alle dingen dy't plak fûnen as hja oan tafel sieten, waard by elke tafel wer op'en nij dien. Soms sieten wy mear as twa oeren yn tsjerke. In tafel duorre ûngefear in kertier oant tweintich minuten.

De gewoane tsjinst wie foar my yn hâldelik net sa brûkber. Yn de tiid fan de legere skoalle koe dan moai it ferske leare wurde, wat moandei op skoalle út de holle opsein wurde moast. De preek wie en waard yn in taal útsprutsen, dy't net foar jonge earen bestemd wie. It Nachtmiel dêr tsjinoer, hat altyd in hiel grutte yndruk makke yn Minnertsgea.

De binnenkant fan de tsjerke, it paad te ferstean, wie oanlein mei grêfstiennen út in tsjerke dy't ôfbrutsen wie. In paad, dat net hielendal sljocht wie. Op in snein wienen ús âlders wer nei 't tsjerke en runen oer de grêfstiennen, nei harren bank. Us mem gong op in bryk stik stien stean en dêr lei hja langút oer de flier. Mar se skuorde ús heit ek mei en sa leinen se dêr beide. Us heit liik en ús mem mei iepen knibbels en kapotte hoazen; oars net as laitsje. Se ha beiden de tsjinst wol meimakke.

Nei de legere skoalle, nei it fraachlearen. Dûmny Oost joech ús les. It wie yn myn eagen net de grutste ferteller, mar ik ha der leau ik wol wat leard. Je koenen dûmny Oost better mei ha op it reiske fan de knapenferieniging. Wy hienen dan meioar in protte wille mei dûmny.

Der wie yn Minnertsgea in dumny's bank. De foarste bank oan de súdkant wie foar de húshâlding fan de dûmny. Elk dy't der sitten gong, waard der weihelle troch de koster of in oar. Mefrou Oost wie yn myn eagen in tige deftige frou. Hie faaks elke snein in nij huudsje op. Yn de bernetaal wie it gau "het hoedje van mevrouw".

It gebou hat in moaie útstrieling. Men sjocht fan fierren de toer stean. En de klok as er liedt, is fan fieren to hearen. In moai, mar swier lûd hat de klok.

Willem Zuidema, berne te Minnerstsgea. Wennet no to Tsjommearum.